



KEUNSTWURK

SA'T DE SINNE DE BLOMMEN KLEURET

KANSEN FOAR KEUNST EN KULTUER YN FRYSLAN



Eefkes Redendiele

*De Provinsjale Steateferkiezingen binne efter de rêch.
Graach wolle wy jimme, Steateleden, bestjoerders,
beliedsmakkers en boargers, dielgenoat meitsje fan
ús gedachten oer de betsjutting fan keunst en kultuer
foar de provinsje Fryslân. En oer kânsen foar keunst
en kultuer yn Fryslân. Heel Fryslân is ommers
Kulturele Haadstêd yn 2018!*



WAT FERTELT DE KULTUERNOTA US?

Yn de provinsjale Kultuernota 'Grinzen oer 2013-2016', stelle jim dat kultuer, taal en ûnderwiis mei elkoar mienskiplik hawwe dat se in wêzentlik ûnderdiel foarmje fan de Fryske identiteit. Fierder stelle jim dat op provinsjale skaal de basisfoarsjenningen it mooglik meitsje dat der lokale en boppelokale foarsjenningen komme kinne. In wichtige opjefte is dy struktuer fan provinsjale basisfoarsjenningen sterk te meitsjen en sa by te dragen oan de ûnderlizzende inisjativen. De kulturele krêft fan Fryslân sit ek yn de oanlûkingskrêft dy't it hat op besikers fan bûten de provinsje, en op minsken dy't hjir wenje en wurkje wolle. Dat is goed foar ús ekonomy en it soarget foar de nedige beweging. Neffens de Kultuernota is kultuer boppedat bepalend foar ús kwaliteit fan libjen. Dêrmei drage keunst en kultuer by oan de oantreklikens fan de provinsje Fryslân, skriuwe jim. Jim wolle in sterke kulturele sektor dy't ûndernimmend en ynnovatyf is.

/ Wy ûnderskriuwe dat stânpunt folslein en wy sette ús der o sa foar yn om dat út te fieren.

FOAR IN TROCHGEANDE DIALOOCH

Wy wolle fanút Keunstwurk graach in bydrage leverje oan it kultuerpart dat jim partij fan belang fynt oangeande keunst en kultuer yn de provinsje Fryslân. En no hielendal mei Kulturele Haadstêd yn it foarútsicht yn 2018. Inkelde hantrekkens fine jim op de neikommende siden. Wat Keunstwurk oanbelanget foarmet dizze oanset it begjin fan in trochgeande dialoach, sadat wy ek de kommende tiid goed meielkoar yn petear bliuwe.



KULTUER IS RUNOM!

Yn de skouboarch en it museum, mar ek yn it klaslokaal, yn it doarpshûs en op strjitte: kultuer makket diel út fan ús libben. It bringt minsken fierder en fersterket ús identiteit, de Fryske identiteit. In boek lêze, muzyk meitsje, troch it lânskip rinne, genietsje fan teater, in film sjen of meielkoar sjonge yn in koar. Kultuer is rûnom en heart by it deistich libben.

/ Wy leauwe yn in brede en yntegrale opfetting fan kultuer. Kultuer is dus net allinnich leuk, sinfol of moai, mar hat ek in maatskiplike funksje. Keunst ferwûnderet, ferrast, konfrontearret, noadiget út ta selsrefleksje en jout minsken de mooglikheid om har te uterjen.

MIDDEN YN DE MAATSKIPPIJ

Yn ús belibbing stiet kultuer net neist, mar midden yn de Fryske maatskippij. Kultuer biedt minsken mooglikheden om harsels te ûntwikkeljen, mei elkoar yn kontakt te kommen, stal te jaan oan har eigen leefomjouwing en mei te dwaan oer de grinzen fan libbensgebieten, kultueren en maatskiplike terreinen hinne.

Troch de befoardering fan de dialoach tusken minsken hâldt kultuer de maatskippij leefber. En last but not least is kultuer in driuwtsjil foar kreativiteit, ûndernimmerskip en oare feardichheden dy't ûnmisber binne om mei te kommen en je ûnderskiede te kinnen yn de globalisearjende wrâld fan hjoed-de-dei.

DRAGER FAN FRYSKKE IDENTITEIT

Dêrneist leauwe wy dat kultuer in belangrike drager is fan de Fryske identiteit. Dat is bygelyks sichtber yn it lânskip, de lytsskaligens en fynmeskigens fan it Fryske plattelân, de Waadeilannen en de manier wêrop't Friezen mei elkoar in mienskip foarmje.

Wa't kultuer yn Fryslân doart te ferbinen mei wat der yn Fryslân libbet, skriuwt mei oan it ûnderskiedende ferhaal fan Fryslân.

Krekt troch kultuer midden yn de realiteit fan aldendei te pleatsen en de konfrontaasje oangean te litten mei maatskiplike tema's, minsken en ferhalen, ûntsteane der nije perspektiven op datjinge wat Fryslân ta Fryslân makket. Kulturele identiteit is net eat dat je oerkomt, mar wat je meielkoar meitsje.



LIBBENSLANGE KULTURELE LOOPBAAN

It is wichtich dat ynwenners fan Fryslân yn alle fazen fan harren libben - bern, jongere, folwoeksene en âldere - yn de gelegenheid binne om diel te nimmen en mei te dwaan oan kultuer. Allinnich op dy manier kinne minsken har ûntwikkelje ta folwoeksen kulturele boargers dy't in folweardich plak yn de maatskippij ynnimme kinne. De ûntjouwing ta kultureel boarger is in proses fan jierren. Dat rint fan de earste kennismaking op skoalle nei keunstbeoefening yn de frije tiid. Guon geane in stap fierder en ûntwikkelje har ta profesjoneel keunstner.

TRIJE UNSKIEDBER FERBUNE FAZEN

- fan kennis meitsjen en oriïntearjen troch kultueredukaasje yn it ûnderwiis...
- fia ferkennen en ferdjipjen troch keunstbeoefening yn de frije tiid...
- nei profesjonalisearjen yn de foarm fan (berops)oplieding en útfiering.

Dy trije fazen kinne net sûnder elkoar, se hingje ûnderling mei elkoar gear. Gjin ferdjipping sûnder goede basis. Gjin profesjonele karriêre sûnder keunstdielname yn de frije tiid. Gjin entûsjasje by bern sûnder ynspirearjende foarbylden.

WURK OAN KULTURELE YNFRASTRUKTUR

Dêr hawwe wy yn Fryslân wol in stevige kulturele ynfrastruktuer foar nedich op provinsjaal, regionaal en lokaal nivo. Dêrneist hawwe wy de rjochte betingsten nedich foar in goed kultureel klimaat wêryn't alle Friezen yn oanrekking komme kinne mei kultuer, en meidwaan kinne. En dat op alle mominten fan immen syn libben. Fan jong oant âld. Fan skoalbern oant amateur, fan amateur oant professional.

/ Gean troch mei ynvestearjen yn lytse en grutte kultuur, yn kwalitatyf goede kultueredukaasje en amateurkeunst. Neist it fersterkjen fan elke faze op himsels, wol Keunstwurk de fazen logysk ferbine ta in trochgeande kulturele loopbaan.

Wannear't de provinsje de kommende jieren noch mear ynvestearret yn kultuer, wurdt de kultuer op alderlei nivo's fersterke. In libben kultureel klimaat soarget foar in better imago fan Fryslân, in ympuls foar wurkgelegenheid, toerisme en ekonomy en in oantreklik fêstigingsklimaat.



KANS FRYSLAN AS KULTURELE HAADSTED YN 2018

Yn 2018 is Ljouwert, mar ek de provinsje, de Kulturele Haadstêd fan Europa. Dat barren bringt grutte oantallen ekstra besikers nei Fryslân en biedt geweldige kânsen om Fryslân as tagonklike, gastfrije en unike provinsje te profyllearjen. Dêrmei sette wy Fryslân stevich op de kulturele kaart. Net allinnich foar de ynwenners fan Fryslân en Nederlân, mar ek om de rest fan Europa (en de wrâld) sjen te litten wat ús provinsje te bieden hat. En hoe't Ljouwert en Fryslân har ûnderskiede fan fergelykbere regio's en stêden. Net om 'e nocht neamt de Raad voor Cultuur yn har advys 'Agenda Cultuur 2017 - 2020', Ldw2018 it foarbyld at it giet om ynspiraasje fan goeie gearwurking. De Raad voor Cultuur seit ek dat Lwd2018 in unike kâns is om hiel kultureel Nederlân ynternasjonaal te presentearje. Keunstwurk is in kulturele partner foar Lwd2018 om de 41 projekten yn het Bidbook te perfeksjonearjen en te ymplementearjen. Wy tille mei Lwd2018 it kulturele fjild in nivo heger. Keunstwurk wol Lwd2018 oangripe om bliuwende ynhâldlike effekten te realisearjen, te ferduorsumjen en it kulturele klimaat permanint te ferstevigjen. Dat dogge wy troch as kulturele partner Lwd2018 te styppen.

BELANG FAN PROVINSJALE KULTURELE FOARSJENNINGEN

Yn maart ferline jier hat de Raad voor Cultuur it advys 'Meedoen is de kunst' oanbean oan de minister fan kultuer. Dêrby binne de provinsjale, regionale en lokale foarsjenningen foar de aktive kultuerpartisipaasje fan grut belang foar it kulturele libben. Dy foarmje de basis foar withoefolle bern, jongeren, folwoeksenen en âlderen: by it learen om in ynstrumint te bespyljen, by it soargjen foar lokaal erfgoed en by in hiele protte oare foarmen fan aktive kultuerpartisipaasje. It giet om plakken dêr't lessen folge wurde kinne, mar ek om presintaasjeplakken en poadia dy't it fynplak wêze kinne fan nij talint. Help en advisearring dêrby is fan krúsjaal belang. Dy kulturele foarsjenningen ferfolje in plak yn de kulturele keten en hawwe in belangrike maatskiplike en ekonomyske wearde.

/ Keunstwurk spilet yn dy keten in provinsjale, regionale en lokale rol. Sintraal yn it advys fan de RvC stiet nammentlik dat de tagonklikheid fan de aktive kultuerpartisipaasje foar bern en jongeren trochgeand garandearre wurde moat. Keunstwurk hat as spearpunten it kultuerûnderwiis, de kultuerpartisipaasje en amateurkeunst.

FERBYN BINNEN- MEI BUTENSKOALSK

Der lizze yn Fryslân kânsen foar in bettere ferbining tusken it binnenskoalske kultuerûnderwiis en bûtenskoalske aktive kultuerpartisipaasje.

De Raad voor Cultuur neamt yn har advys 'Agenda Cultuur 2017 - 2020' ek dat der in bettere oanslúting nedich is tusken de fraach fan de skoallen nei kultueredukatyf oanbod en it oanbod fan kulturele ynstellingen.

Troch it suksesfolle programma 'Kultueredukaasje mei Kwaliteit' yn Fryslân ûntstiet in helder byld fan de ynfolling fan it binnenskoalske programma. Dêrtroch wurdt it ek hieltyd dúdliker wêr't it bûtenskoalske oanbod op oanslute kin. Keunstwurk ferfollet dêryn as pinnefierder in belangrike provinsjale en regionale stypjende en útfierende rol.

KULTUERUNDERWIIS MOAT UTDAAGJE

Kreativiteit en kulturele foarming binne gjin dingen dy't je je samar eigen meitsje. It giet om in kombinaasje fan oanlis, attitude, kennis en oefening. Fan ien kennismakking of moaie ûnderfining wurde je net iepener of mear ûndersykjend. Dêr is struktureel omtinken foar nedich.

Kultuerûnderwiis is in ûnskiedber ûnderdiel fan de brede foarmjende opdracht fan it ûnderwiis. It lit ús bern yn 'e kunde komme mei skientme en draacht by oan it histoarysk besef fan jongeren yn Fryslân. It daget harren ek út om in kreative, ûndersykjende hâlding te ûntwikkeljen.

/ Wy fine dat alle learlingen har op kognityf, sosjaal-emosjoneel, kultureel en lichaaamlik gebiet optimaal ûntjaan kinne moatte. Want de learlingen yn it primêr ûnderwiis fan no binne de boargers dy't ús Fryske maatskippij fan 2030 en letter foarmje.



FRYSLAN HAT DE SMAAK TE PAKKEN

Yn opdracht fan it Ministearje fan OCW is de regeling 'Cultuureducatie met Kwaliteit' (CeMK) ûntwikkele. Doel fan de regeling is om de kwaliteit fan kultuerûnderwiis yn it primêr ûnderwiis te garandearjen. Yn Fryslân hawwe wy de smaak goed te pakken mei dy regeling. Yn Fryslân better bekend as it programma 'Kultueredukaasje mei Kwaliteit' (KEK!). En dêr boppe-op komme nochris de al besteande kultueredukaasjeprogramma's per gemeente. De regeling CeMK is úteinset yn 2013 en duorret fjouwer jier. In ferfolch dêrop is ûnderweis. Dêrneist komt der ein 2015 in nije ympulsregeling foar muzykûnderwiis binnen it primêr ûnderwiis. Ek dêr lizze kânsen foar Fryslân.

FAN KENNISNIMMEN NEI DIELNIMMEN

Yn it ûnderwiis krijt kultueredukaasje dêrtroch noch mear omtinken. Utgeande fan it belang fan de trochrinnende learline is in soad ynvestearre yn de ûntwikkeling fan skoalbeliedsplannen foar kultueredukaasje. Der hat foaral in protte oandacht west foar de reflektive en reseptive kant. No ûntstiet ek erkenning foar it feit dat de skoalle in wichtige kweekfiver is foar talintûntwikkeling by jonge learlingen.

Wy hawwe no mear omtinken foar deskundichheidsstraining fan learkrêften. Neist kennis nimmen fan kultuer wurdt dielnimmen oan kultuer belangriker. Ut it startpunt 'edukaasje' wei kin dêrmei trochpakt wurde nei 'partisipaasje'.

/ Keunstwurk sjocht dat as in kantelpunt wêrby't it omtinken ferlein wurdt fan beliedsûntwikkeling nei stipe by it útfieren fan de skoalwurkplannen.

It ûndersyk 'Cultuur in de Spiegel' fan Barend van Heusden (Ryksuniversiteit Grins) befêstiget ús útgongspunt dat kultueredukaasje en kultuerpartisipaasje op jonge leeftiid in grut effekt hat op de sosjale ûntwikkeling fan jongeren, sawol yn de skoalle as dêrbûten.



KEUNSTWURK UNTWIKKELET EN BEWEECHT MEI

As netwurkspiler fan formaat is Keunstwurk de kulturele partner foar it kulturele fjild yn Fryslân. Dêrmei is Keunstwurk dé ekspertize- en advysorganisaasje foar kultueredukaasje, amateurkeunst en profesjonele keunst yn Fryslân. Keunstwurk jout ynformaasje, advys en stipe, bringt minsken, partijen en organisaasjes byelkoar en skept sa betingsten foar in sterke kulturele ynfrastuktuer yn Fryslân. Dêrmei stimulearret Keunstwurk kultueredukaasje, kultuerpartisipaasje en de kulturele ûntwikkeling yn in trochgeande line. Mei ynset fan Keunstwurk komme alle jierren tûzenen en tûzenen ynwenners fan Fryslân, jong en âld, yn oanrekking mei keunst. Mei ôfsûnderlike dissiplines lykas teater, muzyk, dûns, byldzjende keunst, design en crossovers, mar ek mei kultueredukaasje yn it ûnderwiis en projekten dy't in brêge slane tusken keunstdisiplines. Dêrby wurket Keunstwurk gear mei it ûnderwiis, it amateurfjild, profesjonele keunstners, amateurferieningen en foarmjouwers, kulturele ynstellingen, maatskiplike organisaasjes en oerheden.

De kommende tiid wolle wy regionale platfoarms kreëarje foar kulturele ûntwikkeling fan bern en jongeren op lokaal nivo. Dy platfoarms besteane út in netwurk fan ynstututen, ferieningen, de merk en lokale kulturele inisjativen, stipe troch Keunstwurk. De platfoarms fungearje as regionaal kultuerpunt. Yn kombinaasje mei it Brûsfûns en talinte-ûntwikkeling krije wy gearhing en ôfstimming fan amateurkeunst en sprieding fan it oanbod fan ûnder mear muzykûnderwiis.

/ It kreëarjen fan regionale platfoarms generearret entûsjasme om ek bûten skoalferbân fierder te gean. Keunstwurk sjocht dat as ien fan syn keartaken. Om ús ambysjes wiermeitsje te kinnen en de kommende jierren ymplementearje te kinnen, moat de provinsje Fryslân dêr struktureel mear middels foar frijmeitsje.

ALSIDICHHEID FAN AMATEURKEUNST

Amateurkeunst yn de provinsje Fryslân is libben en wiidfiemjend. Foar in part fynt amateurkeunst-beoefening plak yn organisearre ferbân, yn ferieningen, koepelorganisaasjes, of yn ús sintra foar de keunsten. Dêrneist binne der in protte, en hieltyd mear, ad hoc ferbannen dêr't projektmjittige koartrinnende aktiviteiten plakhawwe. Amateurkeunst is woartele yn de maatskippij en ûntwikkelet him dus ek dêryn mei. Dat jildt bygelyks foar de ferieningsstruktuer. Mar ek de ynfloed fan ynternet giet net oan amateurkeunstbeoefening foarby.

HAWWE WY STRAKS SOSJALE AMATEURKEUNST?

Ek de ynhâld fan amateurkeunst feroaret. Tradisjonele foarmen passe soms net mear. De tsjintwurdige tiid daget út ta nije ynsichten. Der is in tanimmende yndividualisearring sichtber, de maatskippij wurdt frijbluwender en de eigen sosjale omjouwing wurdt minder binend. De ekonomyske ûntwikkeling snijt djip yn de leefberheid op it plattelân, dêr't krimp ien fan de grutte problemen is. Yn dat perspektyf kin in nije foarm, sosjale amateurkeunst, in belangrike rol spylje. Tink oan it meidwaan oan community art projekten of ferbining mei it maatskiplik wurk en de soarch. Keunstwurk is dêr folop mei dwaande, mei yn relaasje ta Lwd2018.

YNSPYLJE OP LOKALE FERHALEN

Keunstwurk hat as taak amateurkeunst te advisearjen en te stypjen. Ut dy posysje wei hawwe wy in netwurk opboud wêryn't keunstners, amateurferieningen, it maatskiplik wurk en erfgoed elkoar moetsje en op tema fine. Yn de ferbining tusken dy organisaasjes ûntsteane projekten, ynsidinteele mar ek duorsum, wêrby't meidwaan yn keunst en kultuer it doel is. Lokale fraachstikken lykas earmoede, krimp, kohezje, transysje en transformaasje foarmje de boarne; it binne de ferhalen út de eigen omjouwing. De sosjaal artistike projekten dy't sa ûntsteane, jouwe in nije diminsje oan amateurkeunst en kultuerpartisipaasje. De Reis is dêr in goed foarbyld fan.

/ Keunstwurk ferfollet dêrmei op natuerlike wize de rol fan spin yn it web fan de amateurkeunst. Keunstwurk fynt dat op dit punt, mar ek by kultueredukaasje, de tafoege wearde fan in provinsjaal stipersynstitút lykas Keunstwurk folle grutter wurden is. Just no't de kulturele ynfrastuktuer foar de útfiering troch legere oerheden ûntmantele en fersnipperd wurdt.

KREFT FAN KEUNST YN OARE DOMEINEN

Keunst en kultuer hawwe in soad te krijen mei oare maatskiplike sektoaren. Der binne withoefolle foarbylden wêryn't keunst in rol fan betsjutting spilet by maatskiplike doelstellingen. Bygelyks by de ynrjochting fan parken en pleinen, de leefberheid yn buerten en doarpen, by de behandeling fan minsken mei in langduorjende sykte of yn it ramt fan sinjouwing yn it libben fan allinnichsteande âlderen. Muzyk by de toskedokter soarget foar minder pine, sjongen yn it fersoargingshûs foar minder iensumheid.

Wy sjogge in soad kânsen yn Fryslân foar opdrachtjouwers yn maatskiplike, ekonomyske en sosjale sektoaren. Wy neame de tanimmende tendins nei lytsskaligens en dield bewustwêzen. Mar ek mear omtinken foar grut-grutter-grutst en oan 'e oare kant de behoefte oan it lytse en tichtbije.





TALINTUNTWIKKELING HEECHSTE PRIORITEIT

It ûntwikkeljen fan talint is in ynvestearring yn de takomst fan kultuer en de takomst fan de maatskippij. De minister fan ûnder mear kultuer sjocht talintûntwikkeling as ien fan de prioriteiten fan it kultuerbelied. De Raad voor Cultuur neamt yn har advys 'Agenda Cultuur 2017 - 2020' dat breedtekultuer, talintûntwikkeling en topkultuer elkoar moate fersterkje.

Wy binne it dêr hielendal mei iens. Elkenien hat in persoanlike behoefte om him fierder te ûntploaien. It ûntploaien fan elk syn talinten op kreatyf en artistyk gebiet is ûnderdiel fan de brede foarming fan minsken, jong en âld. In talint is ommers ûndernimmend en kreatyf, is yn steat om syn eigen wurk en ûntwikkeling te organisearjen en kin in ferbining mei it publyk meitsje.

TALINTGROEI HAT IN FIEDINGSBOAIEM NEDICH

Oft talint him optimaal manifestearje kin, hinget net allinnich ôf fan de kapasiteiten fan it yndividu sels. De omstannichheden wêryn't it bern opgroeit spylje in grutte rol. De werkenning fan talint, de oplieding en de begelieding fan de (jong)folwoeksene en de kânsen dy't hy of sy krijt om namme te meitsjen, binne net minder wichtich. Talint hat in fruchtbere fiedingsboaiem nedich. De kym dêrfoar wurdt al betiid lein. Talint kin net sûnder training, skoalling, poadium en foarsjenningen om ta bloei en folle waaksdom te kommen, sa't dat ek jildt foar sporttalint.

/ Foar Fryslân is it dan ek fan grut belang om de provinsjale, regionale en lokale kulturele ynfrastuktuer te behâlden en te fersterkjen. It bydragen oan geunstige omstannichheden foar de ûntwikkeling fan talint sjogge wy as in taak fan de provinsje yn gearsprak mei alle gemeenten. Keunstwurk kin dêryn in stypjende en útfierende rol ferfolje.

PROVINSJAAL TALINTEFUNS AS KANS

In provinsjaal talintefûns is dêrta in goed ynstrumint. Talinten dy't om stipe freegje, stelle yn 'e mande mei in organisaasje lykas Keunstwurk in ûntwikkelplan op. Op basis fan dat plan kin in talint yn Fryslân foar in perioade fan twa jier in wurkbudzjet krije om de stelde doelen te berikken.

Dêrnjonken wol Keunstwurk in 'Talint makeler' oanstelle dyt soarget foar ferbyning tusken talint en partners.

UNDERLING OANSUGEND EFFEKT

Mar ek foar de ekonomy biedt keunst kânsen. It oanlûken en stimulearjen fan bedriuwichheid is in belangrike opjefte foar de regio. De kulturele sektor leveret sels wurkgelegenheid op, mar kreëarret dêrneist in goed fêstigingsklimaat. Bedriuwen fêstigje har it leafst yn regio's mei in breed en fariearre kultureel oanbod. Kweek fruchtbere grûn foar nije Fryske ekonomyen.

FRYSLAN AS KOLLEKTYF

Fryslân is gjin eilân yn 'e wrâld. Wat de kulturele ynfrastuktuer oanbelanget kinne wy stelle dat Fryslân in provinsje is mei in brede basis en in hege top. It is in provinsje mei ferskate kearnen, mei elk in eigen gesicht. In provinsje boppedat mei in lytsskalich netwurk fan foarsjenningen. Dat netwurk op regionaal nivo is krekt de krêft en de motor fan Fryslân. It kin helpe om de kommende perioade te wurkjen oan in yntegraal kultuerbelied tusken de provinsje en gemeenten. Meielkoar nei te tinken oer wite flekken yn it kultuerbelied. Faaks kinne wy dy yn oparbeidzjen mei oare provinsjale en gemeentlike oerheden oplosse.

SOARCH BY DE LOKALE FOARSJENNINGEN

Yn doarpen, buerthuzen, ferieningen, korpsen, skoallen, biblioteken, sintra foar de keunsten en al sa mear is it foar elkenien mooglik om foar it earst mei keunst yn oanrekking te kommen. Sy biede alle ynwenners de gelegenheid om mei te dwaan oan keunst en kultuer, om harren talint te ûntdekkjen en te ûntwikkeljen, en om te genietsjen fan it meielkoar keunst te meitsjen en te belibjen. Gemeenten besunigje op de sintra foar de keunsten. De effekten dêrfan op de keunsten wurkje per regio ferskillend troch yn it fjild. Sa dogge har ferskowingen foar en driget it gefaar dat guon regio's gjin ynfrastuktuer mear hawwe. Der ûntsteane ek grutte ferskillen yn it oanbod fan ûnder mear it muzykûnderwiis. Fryslân hat in rike muzykkultuer wêrby't meielkoar spile wurdt, lykas bgl. yn de wrâld fan koaren en korpsen (harmony, fanfare, brassband, show- en drumband). Troch besunigingen hawwe in protte lokale foarsjenningen in soarte fan ûndergrins berikt. Dêrtroch is it ferlet fan kwalitatyf goede stipe troch Keunstwurk sterk tanommen. Troch in ynfrastuktuer oerein te hâlden, wurdt de binende stimulearjende krêft fan keunst goed benut en drage keunst en kultuer by oan de leefberheid yn de stêd en op it plattelân. De oerheid is ferantwurdlik foar dat type foarsjenningen. De Fryske gemeenten moatte dy taak serieuus nimme, yn gearwurking mei de provinsje.


/ Wy stelle foar dat de provinsje yn 'e mande mei de Feriening Fryske Gemeenten in kulturele gearwurkingsagenda opset. Op dy wize kinne wy soargje foar ôfstimming, gearwurking en gearhing. Sadat wy it oanbod goed op elkoar ôfstimme, wite flekken beneame en der op regionaal en provinsjaal nivo in brede en kwalitatyf goede struktuer ûntstiet.

SINTRALE REGY

Wy hawwe allegear belang by in lykwichtige sprieding fan adekwate foarsjenningen. De provinsje kin dêr de regy fiere. Wy fine ek dat in ferskowing fan in part fan de útfiering nei de provinsje mearwearde opleveret. Tink oan ferfolchopliedingen en ûntwikkelingsmooglikheden foar talinten, it bieden fan poadia, it jaan fan muzykûnderwiis, mar ek oan oare keunstdisiplines lykas teater, byldzjende keunst en dûns, advisearring en ymplementaasje fan kultueredukaasje en it stypjen fan amateurkeunst.

Koartsein, de foarnaamste opjefte is om de provinsjale struktuer fan basisfoarsjenningen sterk te meitsjen sadat dy't bydrage kin oan ûnderlizzende, regionale en lokale inisjativen. Dêr is in belangrike taak foar de provinsje weilein. Kieze foar in Frysk model mei kulturele platfoarms yn de regio. Dêrmei wurdt in stevich fûnemint lein foar in krêftich keunst- en kultuerklimaat yn Fryslân. Dat fûnemint is breanedich yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018.





KANSEN EN OANBEFELLINGEN

- Meitsje de provinsjale struktuer fan basisfoarsjeningen, lykas Keunstwurk, sterker. Keunstwurk kin dêrtroch mei regionale platfoarms foar kulturele ûntwikkeling fan bern en jongeren in stevich fûnemint biede.
- Sjoch kultuer as ympuls foar ekonomy, fêstigingsbelied, ûnderwiis en sosjale kohezje. Brûk dêr de synerzjy fan Lwd2018 foar.
- Meitsje romte foar talinten en rjochtsje in talintefûns op.
- Stel yn 'e mande mei de Feriening Fryske Gemeenten in kulturele gearwurkingsaginda op. Op dy wize kinne wy soargje foar ôfstimming, gearwurking en gearhing. Sadat wy it oanbod goed op elkoar ôfstimme, wite flekken beneame en der op regionaal en provinsjaal nivo in brede en kwalitatyf goede struktuer ûntstiet.
- Gean troch mei it stimulearjen fan kultueredukaasje en garandearje dat mei mear middels yn it ûnderwiis.
- Meitsje ekstra middels frij foar de nije Ryksregeling Impuls muziekonderwiis.
- Ferbetterje ferbining tusken binnenskoalske kultuerûnderwiis en bûtenkoalske kultuerpartisipaasje.
- Slút oan by de behoeften fan de ynwenners fan Fryslân.
- Tink alfêst nei oer de perioade nei Lwd2018 en behelje it kulturele fjild dêr yntiids yn.
- Werkje mei oan de ûntwikkeling fan persoanlike feardichheden dy't nedich binne yn de 21e iuw.
- Leverje in aktive bydrage oan de nije Keunstepan-perioade.
- Werkje de kânsen dyt it advys fan de Raad voor Cultuur yn de 'Agenda Cultuur 2017 - 2020' opleferje út yn in konkreet plan (kultueredukaasje, talintûntwikkeling en in produksjehûs). Jouw opdracht oan it kulturele fjild om mei útstellen te kommen.
- Behâld de Noard-Nederlânske basisynfrastruktuer en wreedzje dy út.
- Kreëarje in dialoach en belied op Noard-Nederlânsk gebiet fan kultueredukaasje, amateurkeunst, foarsjeningnivo en kultuerynstellingen.
- Ynvestearje yn netwurken tusken bedriuwslibben, kultuer en bestjoer.

/ Keunst en kultuer is de nije brânstof foar de Fryske regio. Koesterje dy basis en jou it romte om te groeien. Foar mear ynformaasje kinne jo altyd kontakt opnimme mei Keunstwurk.

21 MAART 2018

'21 maart 2018, de earste dei fan de maitiid, fiif oere op 'e middei, ik sit op in terras op 'e Nijstêd. Boppe my wapperet in flage, "Lwd2018, Culturele hoofdstad van Europa" stiet dêrop. It is slagge, tink ik by mysels. It wie hurd knokken, mar it is slagge. Wy hjir, Ljouwert en Fryslân, fol enerzjy en takomstferwachtingen, binne Kulturele Haadstêd fan Europa. Wy hawwe sjen litten watfoar rykdom oft der ûntstiet as wy geane fan Mienskip nei lepen Mienskip. De Frankfurter Allgemeine Zeitung neamt Fryslân fan 'e moarn yn in artikel de oantreklikste groeiregio fan Europa. Dat besef is yn de rest fan Nederlân al in sjoft rûnom bekend. Oftst no studint bist oan ien fan de hegeskoallen, artyst, ynwenner, toerist, begjinnend ûndernimmer. Fryslân stiet op 1 yn Europa. De lepen Mienskip soarget derfoar dat de hiele wrâld hjir komt te sjen hoe't de nije maatskippij in nije foarm fan libjen opleveret. It liket derop as oft alle keunstners dy't wat te melden hawwe op it mêd fan meielkoar libjen en partisipaasje har dit jier yn Fryslân fêstige hawwe.

Wy hawwe nije manieren fûn om ús rike kultuer streekrocht te waarteljen yn de herten fan de minsken. It wurdt tiid om op te stappen, betink ik. Tagelyk mei tsientûzenen meibesikers fier ik jûn it begjin fan de maitiid mei de parade fan Dancing in the Streets. Ik haw der sin oan.'

Douwe Zeldenrust
directeur Keunstwurk

douwe@keunstwurk.nl
06-48627262

www.keunstwurk.nl



KOLOFON

Tekst

Douwe Zeldenrust, directeur

Fotografy

Heleen Haijtema
Jikkie Cats
Jip Moors
Marjanne Oost

Sven Lamme
Tilly Buij en Gerard Groenewoud
Wendy Kennedy

Foarmjouwing

Studio39

Utjeft

Keunstwurk
Wissedwinger 1
8911 ER Leeuwarden
058 - 234 34 34
info@keunstwurk.nl
www.keunstwurk.nl



KEUNSTWURK

Postbus 1288
8900 cg Ljouwert/Leeuwarden
t (058) 234 34 34
e info@keunstwurk.nl
i www.keunstwurk.nl

besykadres/bezoekadres:
Wissedwinger 1
8911 er Ljouwert/Leeuwarden

KEUNSTWURK